

FRYSLAN-A EKSAMEN

28 jannewaris 2017

IV Skriuwoopdracht

(60 min.)

*Sykje ien fan de ûndersteande ûnderwerpen út. De lingte fan alle opdrachten moat sa'n 300 wurden beslaan. Betink, dêr't it doel hat, in passende titel. En tink derom: wa't net oer ien fan dizze ûnderwerpen skriuwt, kriget in 3. Dat jildt ek foar wa't oer **mear** ûnderwerpen **wat** skriuwt.*

1. **Oerdwaan**

Wy tinke allegearre wolris: as ik dát oerdwaan koe, die ik it oars. Wat hiene jo graach oars dien en wat hie dat betsjutten foar jo libben no? Wat wie der dan sa oars as no en wêrom hawwe jo it doetiids net sa dien?

2. **Wêr bin ik?**

Jo wurde mei in skok wekker en witte wier net wêr't jo binne. Jo witte allinnich noch dat jo juster nei it wurk in slokje namen yn 'e kroech op de hoeke, mei in pear kollega's. Fertel jo ferhaal.

3. **Reizgje yn 'e tiid**

Yn hokker tiidrek soene jo libje wollen hawwe: midsiuwen, jierren '30? Beskriuw jo libben yn dat tiidrek en wêrom't krekt dat tiidrek jo sa lûkt.

4. **'Realityshow'**

Soene jo meidwaan oan in programma op 'e telefyzje oer jo libben en elkenien meigenietsje litte fan wat der bart yn jo deistich libben? Fertel oft jo meidwaan soene en wat Nederlân dan te sjen krije soe.

5. **Nederlânske polityk op Amerikaanske wize**

Tink jo ris yn dat de politisy yn Nederlân op deselde wize stimmen lûke soene as Trump en Clinton dien hawwe yn 2016. Mei grutte spektakels, fûle petearen en op de man/frou spylje. Hoe soe dat der yn Nederlân útsjen, wêr soe it oer gean en wat fine jo derfan?

6. **Bern**

Bern wurde grut en geane op in stuit it âlderlik hûs út. Hawwe jo al ûnderfûn hoe't dat wie en hoe hawwe jo dermei rêden? Wat kinne jo diele mei in oar dy't it noch net belibbe hat?

7. **Pensjoen**

Wy moatte hieltyd langer trochwurkje, betiid mei pensjoen gean sil hieltyd dreger wurde. Hoe sjocht jo takomst derút as jo âlder wurde? Kinne jo dochs earder ophâlde fan wurkjen of moatte jo trochwurkje oant – ja krekt, oant hokker leeftiid? Fertel hoe't jo de gefolgen sjogge fan de ferhege pensjoenleeftiid foar josels en foar oaren yn Nederlân, jong en âld(er).

8. **Soargje foar jo âlden (of foar josels)**

It is de bedoeling dat elk sa lang mooglik selsstannich thús wenjen bliuwt. As dat kin, is dat prachtich, mar as dat net kin, moat der help komme. Kies no út a of b:

- Hoe sjogge dat foar josels: sille jo letter by de bern yn 'e hûs wenje, yn in mienskip mei oare âlderen, yn in oare foarm? Hoe en wêr soene jo wenje wolle en wêrom?
- Hoe sjogge jo dat foar jo âlden: nimme jo harren op yn jo hûs of leit de oplossing oars?